

Wy sykje dy! **Helpsto ús om fan Lân fan taal in grut súkses te meitsjen?**

Yn 2018 wurdt Ljouwert-Fryslân de Kulturele Haadstêd fan Europa. Lân fan taal is dêr in wichtich ûnderdiel fan. Lân fan taal wol nije ûnderfiningen biede yn oare talen en dissiplinen ast faaks wend bist. Lân fan taal jout romte om it belang en it ferskaat fan taal kenne, ûnderfine en benammen fiele te learen. De Afûk realisearret foar Lân fan taal in Taletún en in Talepaviljoen yn de Prinsetún yn Ljouwert.

Talepaviljoen: de húskeamer fan talen

It Talepaviljoen is it plak dêr't it publyk yn de kunde komt mei in ferskaat oan taalmienskippen út Europa, Nederlân en Ljouwert.

It paviljoen is it moetingplak foar taalmienskippen yn Lân fan taal. Op fêste mominten yn 'e wike wurde der optredens en oare aktiviteiten programmearre. De romte hat in iepen, útnûgjend en waarm karakter, dêr't minsken graach harren tiid trochbringe. Yn it paviljoen kinst ek in bakje kofje krije en in hapke ite. De hoareka wurdt fersoarge troch BUOG yn gearwurking mei Hoor Friesland.

It dak fan it paviljoen rekket yn 'e rin fan 2018 hielendal beklaaid mei moaiste wurden. Dy moaiste wurden wurde ynbrocht troch de taalmienskippen dy't op besite binne mar ek oare besikers kinne harren moaiste wurd ôfjaan.

Yn de perioade fan 31 maart o/m 28 oktober hjitte wy alle dagen alderhande besikers wolkom. Hjirfoar binne wy op syk nei

gasthearen en –froulju Talepaviljoen

As gasthear of –frou ûntfangst gasten en ynformearrest harren oer de talen yn -, it programma fan - en it idee achter it Talepaviljoen. It giet dus nét om in hoareka-funksje.

- Do hast goeie sosjale feardichheden;
- Do stiest iepen foar oaren;
- Do bist ynteressearre yn taal en kultuer;
- Do kinst op syn minst likernôch 5x in tongersdeitejûn, sneontemiddei of sneintemiddei oanwêzich wêze (perioade 31 maart o/m 28 oktober);
- Do bist de Fryske, Nederlânske en leafst ek Ingelske taal machtich. Oare talen binne ek wolkom!

Wy biede dy

- in geweldige ûnderfining yn in machtige (wurk)omjouwing;
- in frijwilligers- en ûnkostefergoeding;
- de nedige ynformaasje en ynstruksje.

Wurklokaasje: Prinsetún, Ljouwert

Liket dy dit wol wat ta?

Stjoer dan fuortendaliks dyn persoanlike gegevens mei in koarte motivaasje oan Corry van der Vee: c.vandervee@afuk.nl. Wy nimme dan sa gau as mooglik kontakt mei dy op.

Wolst earst noch wat mear witte? Dat kin fansels. Stjoer dyn fragen mei in mailtsje oan Mirjam Vellinga: m.vellinga@afuk.nl.